# PARSEBERJOCHT

23 maart 2020

## ‘De Mattéus op syn Frysk’ op radio en TV

**De Matthäus Passion fan Bach, útfierd troch it Noord Nederlands Orkest (NNO) yn in Fryske oersetting fan Peter Sijbenga, wurdt op sneontejûn 28 maart 2020 folslein útstjoerd op Omrop Fryslân Radio. De Fryslân DOK oer de tariedingen en de earste útfiering yn de Grote Kerk yn Harns yn 2018, is te sjen op 28 en 29 maart.**

No’t it sosjale en kulturele libben foar it grutste part stilleit as gefolch fan de coronakrisis, wurde ek de tradisjonele Matthäus Passions net útfierd. In teloarstelling foar al dy minsken, leauwich of net leauwich, dy’t yn de wiken foar Peaske graach nei tsjerke of konsertseal gean om de passy fan Bach mei te meitsjen. Omrop Fryslân wol dêrom de Fryske Matthäus fan it NNO nochris foar it ljocht bringe. Muzyk as treast yn drege tiden.

Ta gelegenheid fan Ljouwert Fryslân Kulturele Haadstêd 2018 hat it Noord Nederlands Orkest de ferneamde Matthäus Passion fan Johann Sebastian Bach yn it Frysk oersette litten troch Peter Sijbenga. It lijensferhaal fan Jezus, ferteld troch orkest, koar, solisten en bernekoar, yn in muzikaal masterwurk fan trije oeren lang. It NNO fierde de passie seis kear út foar útferkochte sealen. De earste fan dy seis Fryske Matthäus Passions, yn de Grote Kerk yn Harns, is yn de maitiid fan 2018 útstjoerd troch Omrop Fryslân Radio. Op 28 maart 2020 om 18.00 oere sil de reprize wêze.

Yn itselde wykein wurdt op telefyzje in Fryslân DOK útstjoerd oer it ta stân kommen fan de Fryske Matthäus Passion. De fraach fan programmamakker Albert Jensma is oft jo sa’n monumintaal wurk fan Bach fan it Dútsk nei it Frysk oersette kinne, sûnder it skea te dwaan. En wat bart der as jo ynternasjonale solisten sjonge litte yn in foar harren frjemde taal?

De Fryske Matthäus Passion yn de Grote Kerk yn Harns
28 maart, 18.00 oere, Omrop Fryslân Radio.

Fryslân DOK, ‘De Mattéus op syn Frysk’
28 maart, 15.30 oere, NPO2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling 29 maart 13.10 oere).
29 maart, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren).

---

**Noat foar de redaksje:**
Boarnefermelding ôfbylding: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 06 14 23 98 34.

# PERSBERICHT

23 maart 2020

## ‘De Matthäus op zijn Fries’ op radio en TV

**De Matthäus Passion van Bach, uitgevoerd door het Noord Nederlands Orkest (NNO) in een Friese vertaling van Peter Sijbenga, wordt op zaterdagavond 28 maart 2020 volledig uitgezonden bij Omrop Fryslân Radio. De Fryslân DOK over de voorbereidingen en de eerste uitvoering in de Grote Kerk in Harlingen in 2018, is te zien op 28 en 29 maart.**

Nu het sociale en culturele leven grotendeels stilligt als gevolg van de coronacrisis, worden ook de traditionele Matthäus Passions niet uitgevoerd. Een teleurstelling voor al die mensen, gelovig of niet gelovig, die in de weken voor Pasen graag naar kerk of concertzaal gaan om de passie van Bach mee te maken. Omrop Fryslân wil daarom de Friese Matthäus van het NNO nogmaals voor het voetlicht brengen. Muziek als troost in moeilijke tijden.

Ter gelegenheid van Leeuwarden Fryslân Culturele Hoofdstad 2018 heeft het Noord Nederlands Orkest de beroemde Matthäus Passion van Johann Sebastian Bach in het Fries laten vertalen door Peter Sijbenga. Het lijdensverhaal van Jezus, verteld door orkest, koor, solisten en kinderkoor, in een muzikaal meesterwerk van drie uur lang. Het NNO voerde de passie zes keer uit voor uitverkochte zalen. De eerste van deze zes Friese Matthaüs Passions, in de Grote Kerk in Harlingen, werd in de lente van 2018 uitgezonden door Omrop Fryslân Radio. Op 28 maart 2020 om 18.00 uur zal de herhaling zijn.

In hetzelfde weekend wordt op televisie een Fryslân DOK uitgezonden over de totstandkoming van de Friese Matthäus Passion. De vraag van programmamaker Albert Jensma is of je zo’n monumentaal werk van Bach van het Duits naar het Fries kunt vertalen, zonder het te beschadigen. En wat gebeurt er als je internationale solisten laat zingen in een voor hen vreemde taal?

De Friese Matthäus Passion in de Grote Kerk in Harlingen
28 maart, 18.00 uur, Omrop Fryslân Radio.

Fryslân DOK, 'De Matthäus op zijn Fries'
28 maart, 15.30 uur, NPO 2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling 29 maart 13.10 uur).
29 maart, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling elk uur).

---

**Noot voor de redactie:**
Bronvermelding afbeelding: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 14 23 98 34.